

Amendement

(ex art. 70 Reglement van Orde gemeenteraad Heerenveen)

Sjinswize sintrumregeling hûsfestingferoarding

Dit amendement heart by : agindapunt Untwerp sintrumregeling
Husfestingferoarding urgint
wenningsykjenden Fryslân

Yn de iepenbiere gearkomste fan : 17 april 2025

Tsjinnet it folgjende riedslid in oanpassing op it útstel yn:

Ate Eijer, FNP S. Kooistra, CDA



Stelt foar om it foarstelde beslút te wizigjen:

In sjenswize yn te tsjinjen op it ûntwerp Sintrumregeling gearwurking oangeande de Hûsfestingsferoarding urgint wenningsykjenden Fryslân wêryn pleite wurdt foar behâld fan lokale sizzenkip, dúdlikheid oangeande de finansjele konsekwinsjes en tidige evaluaasje en mooglikheden om by te stjoeren.

Taljochting:

- It riedsfoarstel stelt foar gjin sjenswize ôf te jaan op de sintrumregeling urgensjeferoarding.
- De regeling hat grutte impact op wenningtawizing, lokale sizzenkip en gemeentlike finânsjes.
- No is it momint om betingsten te stellen en de belangen fan sawol urginte as reguliere wenningsykjenden te beweitsje.
- In regionale oanpak is wichtich, mar gemeenten moatte genôch ynfloed hâlde. De finansjele gefolgen binne ûndúdlik en ryksfinansiering is ûnwis.
- De impact op reguliere wenningsykjenden moat goed montearre wurde.
- Dêrom wol in sjenswize yn te tsjinjen op it ûntwerp Sintrumregeling gearwurking oangeande de Hûsfestingsferoarding urgint wenningsykjenden Fryslân wêryn pleite wurdt foar behâld fan lokale sizzenkip, dúdlikheid oangeande de finansjele konsekwinsjes en tidige evaluaasje en mooglikheden om by te stjoeren.
- ~~Hjirfoar it sjenswize te brûken sa af dy't op 10 april yn de gemeente Achtkarspelen oannomen is. (sjoch bylage)~~

Beslút:

Beslútpunt 1 en 2 te wizigjen yn:

In sjenswize yn te tsjinjen op it ûntwerp Sintrumregeling gearwurking oangeande de Hûsfestingsferaordering urgint wenningsykjenen Fryslânwêryn pleite wurdt foar behâld fan lokale sizzenkip, dúdlikheid oangeande de finansjele konsekwinsjes en tidige evaluaasje en mooglikheden om by te stjoeren.

Dit amendemint is: Fersmiten

Stimferhâlding:

7 stimmen foar, riedsleden fraksje(s): CDA, FNP, CU

21 stimmen tsjin, riedsleden fraksje(s): PvdA, D66, GBH, HL, SP, GL, VVD

de griffier,

de voorzitter,

L. Roest-Jonkers

M.A. Fokkens-Kelder